

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Wopke Veenstra
Mei-yntsjinner(s):  PvdA, Erik de Groot ChristenUnie, Mattijs de Vries CDA, Attje Meekma

Moasje nr.	02
Paraaf	
Wurklistpunt	06
Beslút	

## MOASJE, op grûn fan Kêst 31 Reglemint fan Oarder

Steategearkomste	15 desimber 2021
Wurklistpunt	6. Ynvasive Eksoaten
Koarte titel fan de moasje	<b>Mienskiplik belied ynvasive eksoaten</b>
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op de 15<sup>e</sup> fan'e Wintermoanne 2021,</p> <p>oerwaagjend dat:</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- Ynvasive eksoaten har neat oanlûke fan provinsje- en/of gemeentegrinzen;</li><li>- Ynvasive eksoaten har likemin bekroadzje om de fraach wa't de grûn / terrein / wetterbehearder is;</li><li>- De problemen mei de ynvasive eksoaten grut binne en allinnich mar tanimme;</li><li>- De Provinsje Fryslân der sûnt 2018 al mear as 10 miljoen euro oan útgjûn hat;</li><li>- De kosten foar alle oare grûneigners en (wetter)behearders aloan oprinne en der nei alle gedachten ek eksterne middels nedich binne;</li><li>- De oanpak en de kosten sels grutte spilers lykas it Wetterskip en de Provinsje boppe de macht geane;</li><li>- Der sadwaande allinnich yn mienskiplikheid fan alle belutsenen in effektive bestriding plakfine kin;</li><li>- Wetterskip Fryslân en de Iepenwacht yn 2020 in ûndersyk útfierd hawwe dêr't út bliken docht dat de measte terreinbehearders yn Fryslân dy kollektive oanpak graach wolle;</li></ul>	
<p>Sprekke út:</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• Om komme te wolle ta mienskiplik belied, bestuivering en in mienskiplike bestriding fan net winske ynvasive eksoaten mei alle Fryske gemeenten, de Provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân;</li></ul> <p>Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten:</p> <p>By de fierdere útwurking yn de Nota Ynvasive Eksoaten yn Fryslân</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• Mei it Wetterskip de foarstap foar te nimmen om alle partijen byinoar te bringen;</li><li>• De terrein behearende organisaasjes (TBO's) en partikuliere eigners / behearders sawol yn de opset fan it belied as yn de kommunikaasje by de útfiering hiel goed mei te nimmen;</li></ul>	

## MOASJE

- De oanswettende provinsjes, gemeenten en wetterbehearders bûten Fryslân net te ferjitten;

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Wopke Veenstra
	PvdA, Erik de Groot
	ChristenUnie, Matthijs de Vries
	CDA, Attje Meekma